

FNP / dhr. S. Posthumus

Ljouwert, 9 oktober 2017
Ferstoerd, - 9 OKT. 2017

Ús merkteken : 01449370
Ôfd/Opjefte : Grutte projekten
Opsteld troch : J.V. Porsius / (058) 292 56 35 of j.v.porsius@fryslan.frl
Jo merkteken : 01448586
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer stedsstrân Ljouwert

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 15 septimber 2017, beäntwurdzje wy as neikomt.

Ynliedende taljochting;

Op de nasjonale TV-stjoerder NPO1 wie op 12 septimber 2017 yn it BNNVARA programma 'Kanniewaarzijn' in item te sjen oer 'stadsstrand Leeuwarden'.

Fragen

Fraach 1:

Hawwe jo kundskip nommen fan de útstjoering?

Antwurd fraach 1:

Ja, wy hawwe dêr kennis fan nommen.

Fraach 2:

Kloppet it dat de provinsje Fryslân 65.000 euro subsydzje jûn hat foar it stedsstrân yn Ljouwert?

Antwurd fraach 2:

Fan maart 2015 ôf hat de provinsje Fryslân in subsydzjebjydrage foar sân wettersport-projekten yn de gemeente Ljouwert reservearre. Foar dat ûnderdiel giet it om € 60.000,-. Dat is noch net útkeard. It wachtet op de ôfrekking fan de gemeente Ljouwert.

Fraach 3:

- a. *Kloppet it dat, lykas yn de útstjoering fermeld wurdt troch de wurdfierder fan it Wetterskip Fryslân, it Wetterskip it swimmen by it stedsstrantsje yn Ljouwert ûntriedt?*
- b. *Is dat om't de lokaasje ticht by in rioeloerstoart is?*
- c. *Is it stedsstrantsje ek in offisjele swimlokaasje fan de provinsje?*

Antwurd fraach 3:

- a. It Wetterskip hat ús witte litten dat de útstjoering montearre is en der allinne antwurd jûn is op de fraach oft it yn algemiene sin ferstannich is om te swimmen by in rioeloerstoart. Der binne gjin útspraken oer dy spesifike lokaasje dien.
- b. Sjoch antwurd A
- c. Nee, it wetter by it stedsstrân is gjin offisjele swimwetterlokaasje.

Fraach 4:

- a. *Kinne jo oanjaan hoe't de ûntwikkeling fan de wetterkwaliteit fan de Potmarge west hat nei de ôfsluting fan it projekt 'De Blauwe Diamant' ?*
- b. *Docht de miljoenenynvestearing dy't earder yn dat projekt stutsen is noch hieltyd fertuten nei jo oardiel? Graach jo ûnderbouwing.*

Antwurd fraach 4:

- a. De parameters dy't by wetterkwaliteit hearre, wurde troch it Wetterskip metten. Sy binne ek ferantwurdlik foar it hanthavenjen fan de wetterkwaliteit.
- b. De ynvestearing yn de Potmarge gie primêr oer de wetterboaiem (û.o. boaiemsanearring) en de ynrjochting. Oan de boaiemsanearring hat de provinsje finansjeel bydroegen. De grûn is ôffierd. Dêrmei is oan de ôfspraken foldien.

Fraach 5:

- a. *Strykt it dat de reidkraach om it stedsstrân hinne fanwegen it monumintale stedsgesicht en ekologyske c.q. wettersuveringsmotiven yn stân bliuwe moat?*
- b. *En is it krekt dat om dy reden it strân as swimplakje net goed ta syn rjocht komt?*

Antwurd fraach 5:

- a. De gemeente is ferantwurdlik foar de stedsynrjochting en de hifking oft plannen binnen bestemmingsplannen passe en de hifking op prosedueres.
- b. It giet hjir net om in swimplak. It strân is in ferbliuwplak en opstapplak foar elektryske ferfiermiddels (stimulearjen duorsum foarút komme)

Fraach 6:

Is it yndied sa dat der amper besikers komme spesjaal foar dit strantsje (dus bûten de minsken dy't hjir del komme om te Suppen –Stand Up Paddling- yn de Potmarge) ?

Antwurd fraach 6:

It tal besikers en harren motivaasje is by ús net bekend.

Fraach 7:

Hoe bepale jo de mjitte fan sukses fan in provinsjale subsydzje fan € 65.000 ?

Antwurd fraach 7:

Wy ynvestearje yn in pakket oan maatregels. Beoardieling wurdt yn dat perspektyf dien. Ekstra bestegings ûntsteane yn in logyske rige oan ynvestearings, rjochte op it kinnen (berikberens), witten (promoasje) en wollen (oantreklik plak oan it wetter) foar de wetterfronttoe-

rist (wâl en wetter). Neist direkte bestegings (struktureel) achtsje wy ek de positive effekten fan grut belang op û.o. it imago fan Ljouwert as wettersportstêd, relaasjes mei LF2018, it oantrekliker wêzen foar besteande toeristen, it ynteressant wêzen foar nije doelgroepen, mear fariaasje bieden yn rûtes en 'rûntsjes' farre. It fêststelle kinnen hokker spesifyk projekt it meast oan it doel bydroegen hat is in ûnderwerp foar de startnotysje evaluaasje Fryske Marreprojekt.

Fraach 8:

Wat is jo oardiel oer de ferliking mei it stedsstrân yn de stêd Grins, dat mar € 10.000 koste hawwe soe (1/11 fan de kosten fan it stedsstrân Ljouwert) ?

Antwurd fraach 8:

Wy hawwe gjin tagong ta de kosten fan beide projekten om dat goed fergelykje te kinnen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter



R.E. Bouius-Riemersma, MBA MCM, secretaris